



EKSTRA HELP OP DE EARSTE HELP
(Extra hulp op de eerste hulp)

In klucht yn trije bedriuwen

fan

HENK ROEDE

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **EKSTRA HELP OP DE EERSTE HELP – EXTRA HULP OP DE EERSTE HULP** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **HENK ROEDE** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2015 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Dokter Hogebaum, in âldere, ferjitlike en ôfwêzige dokter dy't oer in pear dagen mei pensjoen sil.

Joop Kleiduij, in útstjoerkracht fan buro Randdorp. Is net fiis fan wurk en pakt alles oan.

Haadsuster Joke, in kordate frou dy't altyd alles wer op oarder wit te bringen.

Ferpleechster Annie, in iverige, net al te snoade ferpleechster.

Dokter Terpstra, de nije dokter, hy krijt lykwols in ûngelok at er ûnderweis is nei it nije wurk.

Direkteur van Wal, saaklike man, is lykwols mear mei golf dwaande as mei it sikehûs.

Nella Duinoord, rint de earste help plat mei al har tinkbyldige kwaaltsjes. Se hoecht mar de lucht fan in sykte te krijen of sy hat 'm ek.

Roel Buikstra, in pasjint dy't delkomt omdat er in ûngelokje hân hat. Mar hy bliuwt lykwols lang hingjen om it nedige te ûndersykjen. (*kin ek troch in frou spile wurde*)

Rebecca Boom, komt mei alderlei ferlechjes op de earste help, omdat se gewoan in dokter oan de heak slaan wol.

DEKOR:

Op it toaniel stiet in achterwand mei trije doarren. De earste doar stiet op: operaasjekeamer (OK). De twadde doar is de doar fan de lift. Op de tredde doar stiet: polyklynk. Rjochts is in lytse baalje en der stean in pear stuollen as wachtronte. Yn de linkerwand sit de foardoar. Yn de rjochterwand de doar nei de sealen fan it sikehûs.

EARSTE BEDRIUW

(Joop Kleiduif komt op troch de foardoar en sjocht wat om him hinne)

JOOP: Sa, es even sjen wêr't se my no wer hinne stjoerd ha. Ik moast my hjir melde en dan soe ik wol hearre wat ik dwaan moast. Sil wol wer op skjinmeitsjen útdraaie. It is hjir ek net botte skjin moat ik sizze. *(hy rint wat doelleas hinne en wer)* No, ik sjoch noch gjinien. Al is it ek myn earste kear, it is grif wol leuk om yn in sikehûs te wurkjen. *(dokter Hogebaum komt op troch de doar nei de sealen, hy sjocht noch even achterom)*

DR. HOGEBaum: Dy termometer kinne jo better net yn de mûle stekke. Oare pasjinten kinne him wol es ergens oars foar brûkt ha. Ik bin sa werom. *(hy slacht de doar ticht en rint it poadium op, dan sjocht er Joop stean)* Dei menear, kin ik jo helpe?

JOOP: Ja, ik moast my hjir melde foar myn nije baantsje.

DR. HOGEBaum: Baantsje, no, sis mar gewoan baan! It is net samar wat, dat jo hjir dwaan moatte! Mar wolkom by Medysk Sintrum *(plaknamme)*, wy binne o sa bliid mei jo help op de earste help. Ik bin dokter Hogebaum.

JOOP: Ik bin Joop, Joop Kleiduif.

DR. HOGEBaum: O, is dat sa? Ik miende dat ik in oare namme heard hie, mar ja, dat jout ek neat. Joop, ik bin bliid datst der bist.

JOOP: Ja, ik ek wol hear. Ik siet al wer even thús en dan wolle je wol wer es oan de slach.

DR. HOGEBaum: Fansels!! Nei in lange oplieding is thússitte it lêste dat je wolle.

JOOP: No, lange oplieding?

DR. HOGEBaum: En ik bin der ek oan ta hear.

JOOP: Oan ta? Ja, it is hjir wol wat smoarch.

DR. HOGEBaum: Smoarch? No it kin der hjir wol smoarch om wei gean. Atst sommige gefallen sjochst. No, no, no. Ja, ik bin wier oan myn pensjoen ta.

JOOP: O, jo binne hjir de skjin...

DR. HOGEBaum: Ja, ik bin de dokter op de earste help dêr't jo it fan oernimme sille. Ik sil jo noch in pear dagen ynwurkje en dan hearlik genietsje fan myn pensjoen! Ik ha thús elektryske treintsjes, dus ik sil my net ferfele!

JOOP: Jo wurk as dokter oernimme? Ik wit net oft ik dêr de papieren wol foar ha.

DR. HOGEBBAUM: Fansels. Ik ha se sjoen. Is neat mis mei! En treflike referinsjes! Op in rôle húskepapier sitte minder feltsjes as op jo CV!

JOOP: (*ferheard*) At jo it sizze... Se sille my hjir fansels net samar hinne stjoerd ha.

DR. HOGEBBAUM: Kom, ik lit jo de ôfdieling even sjen! Dêr't it allegear gebeurt! (*mimert*) Tsjonge, wat ha ik hjir yn al dy jierren in soad minsken wer yn elkoar set. Soms sels fan twa ien makke. Mar dêr ha we it letter wol es oer, earst de rûnlieding.

JOOP: Dat soe moai wêze.

DR. HOGEBBAUM: Dat dêr is de yngong, mar dat wisten jo grif al.

JOOP: Ja, dêr bin ik der yn kommen.

DR. HOGEBBAUM: En hjir achter de baalje sit meastal it haad fan de ferpleging, Joke. Mar dy sil no wol mei Annie, de ferpleechster, boppe yn it rookhok sitte te paffen. Ja, je begripe it net no. Kieze se derfoar om minsken te helpen wer sûn te wurden, paffe se harsels dea. Dat dêr binne de doarren fan de operaasjekeamer. We hawwe it der mar even boppe set. Stie der earst net, mar dan wiest soms krekt lekker oan 't snijen en dan kaam der wer ien yn om te fregjen wêr't it húske is en sa. Hjir yn de midden ha we de lift, dy giet nei alle ferdjippingen. Dêrneist is de tagong nei de polyklynk. Dit is de wachtronte foar alle gefallen dy't noch rjochtop sitte kinne, en net al tefolle lekke. En achter dizze doar is de sikeseal, dêr wurde se hinne brocht at it mei allinne in pleister net te ferhelpen is. No, dat is it wol sawat, liket it wat op de oare sikehuzen dêr't jo wurke ha?

JOOP: Nee, net echt...

DR. HOGEBBAUM: Och, it went gau genôch. Meitsje jo gjin soargen. Mar ik soe noch wat dwaan... O ja, ik moat noch even by in pasjint op seal sjen. Glês yn de mage.

JOOP: Glês yn de mage?

DR. HOGEBBAUM: Tsja, je begripe it net no. Jo jouwe harren in pil en sizze derby: Ynnimme mei in glês wetter... Mar dat losse we wol wer op. Mei in hammer en in pear tikken op de mage en it glês komt der mei de tiid yn stikjes wer út. Ik sil dus even oan de slach, letterlik en figuerlik. Yn de poly hinget noch wol in nije jas foar jo. Dan bin ik der sa wer en dan babbelje we even fierder oer jo nije baan! (*ôf troch de doar nei de seal*)

JOOP: No sis, dat is in hiel oar baantsje as dat ik ferwachte hie. (*hy rint yntiid nei de polyklynk en docht de doar iepen*) Ah, hjir hinget in wite jas! Hee en ek noch sa'n ding om te harkjen. (*Joop pakt in stetoskoop en hinget dy om de nekke, hy lûkt de jas oan en docht de doar wer ticht. Hy hinget de úteinen fan de stetoskoop yn de*

earen en hâldt it oare ein by syn hert) Kedonk, kedonk, kedonk???
(hy skrikt der suver fan en lit de stetoskoop nei de bûk sakje)
Kedonk, kedonk. Pffff, gelokkich. De hertslach is wat sakke. *(dan hâldt er de stetoskoop foar de mûle)* Hallo!! *(hy grypt nei de earen en skuort it ding derút. Hy wriuwt noch es oer de pynlike earen)*
Dus ik bin dokter! Dat is net gek! Fertsjinnet ek noch goed. Ik tocht wier dat je dêr folle langer foar leare moasten, mar ja, at hy it seit. Trouwens, hy wurket my wol even yn en at ik der net útkom, dan witte dy susters der grif ek wol it ien en oar fan. *(Joke en Annie komme op út de lift)*

JOKE: Ah, de nije dokter! Wolkom, ik bin Joke, haad fan de ôfdieling. En dit is Annie, ferpleechkundige.

ANNIE: Moai dat jo der binne. Wy kinne wol wat ekstra help brûke yn de deistige hektyk.

JOKE: Ja, want dy âlde rint ek sa hurd net mear!

ANNIE: Toe Joke, sa praatst doch net oer dy âld bok.

JOKE: Mar Annie, dat is doch sa. Hy is net foarút te baarnen, hy is hieltyd faker yn de war en ferjit ek noch fan alles. Levensgefaarlik foar guon fan de pasjinten. Lêsten krige er ûnder in operaasje telefoan. Hy is de OK útrûn en nei it telefoantsje wie er alhiel fergetten dat er oan 't operearjen wie.

ANNIE: Dat is wier ek Joke, de nachtportier hat 'm doe noch út bêd belle, dat er de pasjint noch tichtnaaie moast. Mar gelokkich ha we hjir no in deskundige nije dokter yn ús fermidden!

JOOP: No, ik sil noch wol wat leare moatte fansels.

ANNIE: Dat komt grif wol goed! Jo binne net foar neat dokter wurden.

JOOP: It liket my yn elk gefal in leuk baantsje ta, it is wer es wat oars!
(de doar fan de yngong swait iepen en dokter Terpstra komt deryn strompeljen. De klean ûnder it bloed. Nei in pear stappen siicht er foar Joop syn fuotten yn elkoar) Hee, sa makkest de hiele flier smoarch hear! Witst wol hoefolle wurk at der yn sit om dat wer skjinn te krijen? *(Joke en Annie fleane nei Terpstra ta en helpe him heal en heal oerein)*

ANNIE: Wat moatte we dwaan dokter?

JOOP: Smyt dy sûplap daliks wer bûtendoar!

JOKE: Sûplap? Dizze man is net dronken mar swier ferwûne en dêrom bûten westen.

JOOP: O... no... jou 'm dan mar in gleske wetter of sa.

JOKE: Kom Annie, we bringe 'm nei de poly. En dan moatte jo him mar even ferbine dokter! O en Annie, nimsto dy nytmaschine fan it buro even mei?

ANNIE: Dizze? *(se hâldt in nytmasine omheech)* Wêrom moat dy mei?

JOKE: Dêr kinne we de grutste gatten mei tichtmeitsje. *(de trije pakke Terpstra beet en slepe him nei de poly, se ferdwine alle trije. De doar fan de lift giet iepen en direkteur Van Wal komt op, kreas yn 't pak en mei in grauwe sigaar)*

VAN WAL: Sa, nije dei, nije kânsen. Hjir net fansels, mar op de golfbaan. *(troch de doar fan de sealen komt dokter Hogebaum op)* Ah, dokter Hogebaum.

DR. HOGEBaum: Dei menear de direkteur.

VAN WAL: Hoe is it mei jo de lêste dagen?

DR. HOGEBaum: Lêste dagen? Mei myn sûnens is neat mis.

VAN WAL: Mei jo lêste dagen yn it sikehûs.

DR. HOGEBaum: O ja, treflik hear. Ik bin sels al yn de kunde kommen mei myn opfolger.

VAN WAL: Ja fansels. Dokter... och, hoe hjit er ek al wer?

DR. HOGEBaum: Eh... hy hat it wol sein... Joop, dokter Joop.

VAN WAL: Dokter Joop? No ja, it sil ek wol. Ik ha safolle sollisitanten foarby kommen sjoen. Ik wit net iens mear wa't ik oannommen ha. Ik ha alle nammen op in stikje papier set en doe ha ik der mei de eagen ticht ien tuskenút lutsen.

DR. HOGEBaum: It liket my wol in kundich man ta.

VAN WAL: En hast de nije skjinmakker ek al sjoen?

DR. HOGEBaum: Nee noch net.

VAN WAL: Ja ik ha dy oare fuortstjoerd. Dy luts 'm neat fan it rookferbod oan. En dan moatte je as direksje hurd yngripe. *(tikket de jiske fan de sigaar)* Oars soe it hjir in grutte binde wurde!

DR. HOGEBaum: Wy binne dan ek hiel bliid mei dizze direksje. In man mei prinsipes.

VAN WAL: Och, hy wie gewoan te djoer. Ik wol myn eigen bonus der net om kwytreitsje. En dat binne fansels ek prinsipes.

DR. HOGEBaum: Goed, ik sil wer fierder. Ik hie neffens my wat ûnder hannen... O ja, ik soe in tange helje.

VAN WAL: In tange helje?

DR. HOGEBaum: Ja, guon pasjinten nimme alles ek sa letterlik no. Atst seist dat se ergens in termometer ynstopje moatte, dan bedoel ik fansels allinne it puntsje, en net it hiele ding. Kin ik it der mei de tange wer útfiskje. *(hy rint nei de poly en giet ôf. Op dat stuit komt Nella Duinoord op troch de yngong)*

NELLA: Binne jo dokter?

VAN WAL: Nee mefrou, ik bin fan de direksje. Van Wal is de namme.

NELLA: O, dan bin ik by jo ferkeard. Jo moatte witte, ik prate mei de buorfrou en dy sei dat se hieltyd lêst fan de mage hie en doe blykte it in maachswolm te wêzen.

VAN WAL: En hoe giet it no mei har?

NELLA: Ja better. Mar doe't se dat sei krige ik ek sa'n lêst fan de mage. Ik tink dat ik ek in maachswolm ha.

VAN WAL: O mar dat kin ek bêst wat oars wêze hear.

NELLA: Tinke jo?

VAN WAL: Jo kinne ek wol wat ferkeards iten ha. Binne jo ek mislik?

NELLA: No't jo it sizze! Ja, ik fiel my ynienen ek mislik!

VAN WAL: Mar dan kinne jo fansels ek noch yn ferwachting wêze. It skopt noch net?

NELLA: No't jo it sizze! Ik fiel ek wat skoppen!

VAN WAL: Der komt sa wol ien om jo te helpen. Ik moat fierder. Aansen trene op de golfbaan. No, dan miskien wol lokwinske! (*ôf troch de liftdoar. Nella bliuwt ferheard achter*)

NELLA: Ik bin yn ferwachting! Dat is 't! Mar hoe kin dat dan? Ik ha al jierren gjin fint oanrekke! (*Joke komt op út de poly*)

JOKE: Ha mefrou Duinoord (*suchtet*) en wat skeelt der hjoed wer oan?

NELLA: Ik bin yn ferwachting!

JOKE: (*giet achter de baalje sitten en is drok mei papierwurk*) O, hjoed yn ferwachting? Alle dagen wat oars is 't net? Gean mar sitten, dokter komt daliks.

NELLA: (*giet sitten*) Lit 'm opsjitte, aansen krij ik it bern hjir noch!

JOKE: Dat falt wol in slach ta. Durret meastal njoggen moanne. Hoe fier binne jo no?

NELLA: Eh... (*tinkt djip nei*) Karel wie de lêste... en dat is trije jier lyn!!!

JOKE: (*synysk en sjocht net iens op of om*) Dan binne je al in moai ein hinne. At it komt kin it faaks daliks al rinne. (*troch de yngong komt Roel Buikstra strompeljend op. Hy hat in map ûnder de earm en rint nei de baalje*)

ROEL: Bin ik hjir op de earste help?

JOKE: Ja hear, sizze jo it mar.

ROEL: Ik bin Roel Buikstra. Ik ha my fanmoarn op de tomme slein en no ha ik lêst fan de skonk.

JOKE: Dat komt net echt logysk oer.

ROEL: No sjogge jo, it sit sa. De goate wie lek en doe't ik dy meitsje soe, sloech ik mysels op de tomme. Ik raasde it út fan de pine en dêr skrok myn hûn, dy't ik oan de ljedder fêstset hie, sa fan dat er fuortstode en de ljedder ûnderút luts. Sadwaande foel ik nei ûnderen en no ha ik lêst fan de skonk.

JOKE: (*sjocht op noch om*) Gean dêr mar even sitten, dokter komt sa.

ROEL: Ha jo eins wol heard wat ik sei?

JOKE: Wa ik? Nee, nei de hûn wit ik neat mear. Ik frege ek net om útlis, ik sei gewoan dat it net logysk wie.

ROEL: No ja sis, watfoar sikehûs is dit?

JOKE: (*sjocht noch net op of om*) Eh... dan moatte jo even bûten op de gevel sjen. (*Roel rint nei in stoel en giet by Nella sitten. Yntusken hellet er in pinne en papier út de map, sjocht goed om him hinne en nimt alles goed op. Hy klikt mei de seare tomme op de pinne en jout in gjalp fan pine*)

ROEL: (*tsjin Nella*) Ek in ûngemakje hân?

NELLA: Ja, ik tink it wol! Dy tomme fan jo sjocht der net goed út.

ROEL: Nee, ik kin der hast net mei skriuwe. It docht goed sear.

NELLA: No't jo it sizze. Myn tomme begjint ek alhiel te prikeljen. (*Joop en Annie komme, mei Terpstra tusken har yn, út de poly. Terpstra sit alhiel yn 't ferbân, hy sjocht neat mear en hy kin ek net prate. Se sette him op ien fan de stuollen del*)

JOKE: Sa, dokter, dat ha jo daliks goed oanpakt. Wie it sa earnestich?

JOOP: Gjinn idee, mar ik tocht hoe mear ferbân hoe better. Sa bliuwe de measte ûnderdielen wol wat op syn plak tocht ik!

ANNIE: (*djippe bewûndering*) O hy is sa handich mei dat ferbân! Rjochtsom, linksom, it makket him net út!

JOKE: Dokter, we hawwe hjir noch in haastputsje.

NELLA: Ja, sis dat wol!

JOKE: Nee! Do net. Oan dat búkje te sjen duorret dat noch wol in pear moanne. Menear Buikstra hat himsels op de tomme slein.

JOOP: Och, menear Buikstra, hoe giet it mei jo tomme? (*Roel stekt de tomme omheech. Joop tinkt dêrom dat it goed mei de tomme giet en ropt*) No klear dus! Folgjende!

NELLA: Dokter, it sit sa...

JOKE: Nee dokter! Jo moatte nei syn tomme sjen en hy rint ek net sa bêst.

JOOP: Rinne jo net sa bêst?

ROEL: Nee, net sa bêst nee.

JOOP: Pineholle?

ROEL: Ja, ek in bytsje.

JOOP: Dat ken ik, dêr hie ik yn 't wykein ek lêst fan. Dat is in dúdlik gefal fan in kater!

ROEL: Nee man, ik ha gjin drip drank hân! Ik bin fan de ljedder fallen doe't ik de goate meitsje soe en my op de tomme sloech.

JOOP: Dan moatte jo de oare kear de hammer mei twa hannen beethâlde.

ROEL: Hy wurdt hielendal tsjok!

JOOP: O, dan prippe we der even in gatsje yn, dan rint er wol wer leech. Komme jo mar even mei, neffens my is der ek noch wol wat ferbân oer.

ROEL: O, even myn papieren pakke.

JOOP: Wat skriuwe jo allegear op dan?

ROEL: O... nee neat hear... *(Joop en Roel ôf nei de poly. Annie rint nei Joke ta, dy sit noch achter de baalje)*

ANNIE: In hiele handige dokter hear! Mar hy is noch wol bot ûnseker. Ik frege oft er in spuit ha woe om kalm te wurden. Ik bedoelde fansels foar de pasjint, mar doe't ik him de spuit joech stuts er dy by 'm sels yn de earm.

JOKE: Wie fansels ek syn earste pasjint. Mar hy kin der mar better gau wat handichheid yn krije, want it is hjir altyd drok genôch. Hast de namme fan dy oare pasjint al?

ANNIE: Dat is Nella, dy kenst doch wol. Dy sit hjir elke dei mei in oar kwaaltsje.

JOKE: Nee, dy bedoel ik fansels net! Dy mummy dy't neist har sit!

ANNIE: O nee gjin idee. Hy kaam pas wer by doe't er al yn it ferbân siet. En ik tink dat er no de mûle net iepen krije kin mei al dat ferbân.

TERPSTRA: *(wiist nei him sels en mompelt heal)* Dokter, dokter, dokter... *(Nella sjocht huverich nei Terpstra en krimpt ynelkoar)*

NELLA: Wat in aaklike fint.

ANNIE: Wat seit er no?

JOKE: Neffens my rôp er om dokter. Hy sil noch wol in soad pine ha, jou him mar in spuitsje dêr't er kalmer fan wurdt.

ANNIE: Ik pak de spuit wol even.

JOKE: Dan skriuw ik him earst wol yn as pasjint X. *(Annie rint mei de spuit nei Terpstra en jout him in prip. Terpstra besiket har út alle macht tsjin te hâlden. De doar fan de yngong giet iepen en Rebecca Boom komt deryn trêdzjen)*

REBECCA: Soa dames, hoe giet it?

JOKE: Oant no ta noch gjin deaden.

ANNIE: Dei mefrou Boom.

REBECCA: Dei... eh... dinkje... 't Sil hjir wol drok wêze, tocht ik. De ûngemakken gebeure hjir al foar de doar! Even fierderop hat ien de auto wol hiel moai delset.

JOKE: Hoe bedoele je?

REBECCA: Der stiet ien tsjin de beam oan. Hielendal total loss. Sûnde, wie in moai sportkarke. Grif ien mei sinten!

ANNIE: (*wiist nei Terpstra*) Dan is dy grif fan pasjint X.

REBECCA: Hmm, de sinten wol, mar it oansjen net... Wûnder dat hy der noch útkommen is, de beam stie midden yn de auto. Mar, no even wat oars: is hy der al?

JOKE: Is hy der al?

ANNIE: Ja, pasjint X is der al.

REBECCA: Nee, de nije dokter!

ANNIE: Ja mefrou, dy is hjoed begongen.

REBECCA: Dêr hiest it juster al oer. En it tafal wol dat ik krekt hjoed lêst fan de neil op ien fan myn teannen krij.

JOKE: No tafallich sis.

REBECCA: Is hy in bytsje leuk?

ANNIE: Leuk?

REBECCA: Ja, is de nije dokter in leuke, kreaze man?

ANNIE: Eh... ja wol leuk ja...

JOKE: Mhaw...

REBECCA: Dan moat er mar gau even nei dy neil sjen!

JOKE: Liket my frjemd, mar gean dêr mar even... (*Joke wiist nei de stuollen, mar Rebecca is al ûnderweis derhinne en giet sitten*)

NELLA: Lêst fan in neil? Ja, ik fiel minen ek.

REBECCA: It jokket wat, mear net hear. (*Nella sjocht mei oandacht nei de teannen en klaut dan ynienen as in gek oan de iene foet. Rebecca sjocht es nijsgjirrich nei Terpstra dy't ûnderút yn de stoel hinget. Se pript him yn de side en ta grutte skrik fan de froulju springt er even omheech om dêrnei wer yn de stoel te sakjen. De doar nei de sealen giet iepen en dokter Hogebaum komt op. Hy hat in tange yn de hân, yn de tange sit in termometer*)

DR. HOGEBaum: It wie even sykjen, mar ik ha 'm fûn. (*sjocht op de termometer*) Ha, gjin ferheging mear. Joke, pasjint Leenheer mei nei hûs, sa gau at er sûnder pine sitte kin.

JOKE: Ah, dêr is dokter al! Komt foar de bakker, dokter. Soene jo aansen noch even nei mefrou Molewyk sjen wolle?

DR. HOGEBaum: Wa wie dat ek al wer?

JOKE: Dat is dy mefrou dy't, sûnt se in klap fan de hear Molewyk hân hat, sa gek as in doar is.

DR. HOGEBaum: O dy mefrou dy't de hiele tiid mei in trachter op de holle omrint. Ik gean aansen noch wol even by har del. Is der fierder noch wat?

JOKE: Ja, dy dêr. Dy't yn it ferbân sit is al behannele troch de nije dokter.

DR. HOGEBaum: Soa, de nije dokter hat fuort mar in oanslach dien op it budzjet fan it ferbân, sjoch ik. (*tsjin Rebecca*) Dei mefrou, jo

mei daliks wol meikomme. (*Nella springt oerein en rint nei Hogebaum*)

JOKE: Nee do net Nella!! Earst mefrou Boom!

REBECCA: Nee, nee, lit har earst mar! Ik wachtsje noch wol even.

NELLA: En ik wurd echt gek fan de jokte hear! (*klaut nochris oan de foet, mar grypt dan nei de bûk*) Oef it skopt!

REBECCA: It skopt? Sit dêr wat dan?

DR. HOGEBaum: Komme jo mar mei mefrou...?

NELLA: Nella Duinoord.

DR. HOGEBaum: Jo komme my sa bekend foar... O ja, jo wiene hjir juster doch ek?

NELLA: Ja, mei in seare rêch, lykas myn buorman.

DR. HOGEBaum: En earjuster, doe hiene jo...

NELLA: Lêst fan de nieren, lykas ús mem.

DR. HOGEBaum: En ferline wike...

NELLA: Hertkloppingen, lykas de mem fan de frou fan de man dy't yn de supermerk achter it fleis stiet.

DR. HOGEBaum: Wêr ha jo hjoed lêst fan?

NELLA: Ik kaam hjir earst mei allinne in maachswolm. Mar no ha ik ek in seare tomme, jokte oan de foet en ik bin yn ferwachting!

DR. HOGEBaum: Soa, dat is wer in hiel rychje. Dêr sil jo syktekostefersekering grif net bliid mei wêze.

NELLA: Ik ha by fiif ferskillende maatskippijen in fersekering ôfsluten, je witte mar noait! Stel je foar dat by de iene de boel ôfbaarnt en al je gegevens fuort binne. Of dat der ergens in dyk trochbrekt. Of der komt oarloch en... Soe ik dan oan fiif wol genôch ha? Wat tinke jo?

DR. HOGEBaum: It sil grif wol wat tafalle, mefrou. At jo dan even nei de poly rinne wolle, yn it húske stean potsjes. At jo yn ien dêrfan even pisje wolle, dan sille we earst even sjen oft jo yn ferwachting binne.

NELLA: Tanke dokter. (*Nella ôf nei de poly*)

DR. HOGEBaum: Sis Joke, soesto foar my de gegevens fan pasjint van der Berg opsykje kinne?

JOKE: Van der Berg? Mar dy frou is fjirtjin dagen lyn al nei hûs gongen.

DR. HOGEBaum: Ja dat kloppet, mar sûnt ik dy frou operearre ha, mis ik twa klemmen en in skjirre. En atst dan doch oan 't sykjen bist, wolst dan dy fan de hear Riemersma ek even opsykje?

JOKE: Dy is ek al twa wike nei hûs.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto